

Vrijdag 26 februari - 9

**Harkje nei de wyn (liet 936 Lieteboek)**

Harkje nei de wyn, dy't in liet fan leafde ken:  
'Stap myn romte yn, asto treurich bist, myn bern,  
en ik lit dy wer laitsje, silst wer fleurich sjen.

Hâld dy oan my fêst asto lyts en iensum bist,  
wês net ûngerest: ik bin by dy, sa'tst wol witst.  
Dêrom silsto oerwinne, al hoe swak ast bist.'

'Jezus, Jo myn Hear, ik kaam om yn myn fertriet,  
Mar Jo stiene klear doe't ik alles sitte liet.  
O boarne fan it libben, Jo myn leafdesliet.'

Tekst: Rudolf Pantou  
Oersetting: Eppie Dam

Foto: W.T.V.

